

Yn 'e MIENSKIP

Wethâlder Aant Jelle Soepboer komt yn de kunde mei Ferwert

"Ik bin ûnder de yndruk fan alle nije en ynspirearjende ideeën dy 't hjir libje. En der is ek al it nedige realisearre. Wês grutsk op jim trochsettingskrêft."

Wurkwise doarpsbelang Ferwert-Hegebeintum

It bestjoer is ein 2016 in nije koers ynslein. Der is in nij bestjoer foarme en der is, op eigen krêft, in nije doarpsfyzje opsteld. Der waarden wurkgroepen foarme, wêrby't ien bestjoerslid fan DBFH oanheakke waard. Dizze wurkgroepen binne de ôfrûne jierren oan de slach gien mei wichtige tema's út de fyzje. Der binne moaie suksessen boek. Under oare de realisasje fan nije wenten yn de Gasthuisstrjitte en Gerbrandastrjitte, de renovaasje en werbestimming fan it pân "Stap ris yn" en de werynrjochting fan de Marrumerwei – Haadstrjitte – Elingawei. Der bliuwe lykwols noch genôch winsken oer, lykas in nije ynfolling fan it gemeentehûs, it projekt 'Lightlines' en ekstra nijbouwenten.

Ferbining Ferwert - Hegebeintum

It bestjoer jout in presintaasje fan de kânsekaart oangeande in kuiierpaad fan Ferwert nei Hegebeintum. Je kinne der no allinnich fia de iepenbiere dyk komme, wat gjin feilige situaasje is foar kuiierders. It paad rint fanút Foswert, fia de eardere spoarbaan rjochting Hegebeintum. By de rûte del wol it bestjoer ynrjochtingseleminten realisearje dy 't referearje oan it âlde spoar. It bestjoer is yn petear mei grûneigeners en giet op syk nei finansjele middels. De wethâlder is entûsjast oer de presintaasje en it ferhaal. Hy advisearret om te prioritearjen en it plan op te knippen yn ferskate fazen. In nije ynfolling foar it eardere Dockingaterrein is in ûnderdiel fan it plan.

Wethâlder Soepboer fynt it moai dat saken sa goed oppakt wurde en dat der in soad winsken binne. Mar sjoch wol wat men earst as lêst wol. Net alles kin tagelyk.



De besites oan de doarpen binne in ûnderdiel fan de nije oanpak fan it hjoeddeistige kolleezje: de kontaktwethâlder ûnderhâldt, tegearre mei de doarpekoördinator, nau kontakt mei de doarpen en wiken binnen ús gemeente. By dizze besite komme der allegearre ûnderwerpen oan 'e oarder.